

Examen VWO
2017

tijdvak 1
woensdag 24 mei
9.00 - 11.30 uur

Fries

Bij dit examen hoort een bijlage.

Dit examen bestaat uit 33 vragen.
Voor dit examen zijn maximaal 44 punten te behalen.
Voor elk vraagnummer staat hoeveel punten met een goed antwoord behaald kunnen worden.

Geef niet meer antwoorden (zinnen, redenen, voorbeelden e.d.) dan er worden gevraagd.

Als er bijvoorbeeld één zin wordt gevraagd en je antwoordt met meer dan één zin, dan wordt alleen de eerste zin in de beoordeling meegeteld.

Tekst 1 Stille maitiid

“Dêr’t dy it hearren en sjen trije desennia lyn fergie ast troch it lân rûnst, dêr’tst noch mar in jier of sân lyn om healwei fiven wekker waardst fan it fûgelleven, dêr hearst no in iensume skries of ljip en, hiel komselden, in ljurk.” (r. 7-13)

- 1p 1 Hokker stylfiguer brûkt de skriuwer hjir?
- A irony
 - B paradoks
 - C tsjinstelling
 - D understatement

- 1p 2 Wat is de relaasje tusken it tekstpart “Dêr’t dy ... werklikheid wurden.” (r. 7-16) en it tekstpart “Sa’n soarte ... Fryske Greidhoeke.” (r. 16-26) yn alinea 2?

- A It is in ferlykjend ferbân.
- B It is in redenjouwend ferbân.
- C It is in tsjinstellend ferbân.
- D It is in útlizzend ferbân.

“de Brabannisearring fan Fryslân, en dan benammen dy fan de flakke, karakteristike Fryske Greidhoeke.” (r. 23-26)

Fierderop yn de tekst giet de skriuwer hjir ynhâldlik op yn.

- 1p 3 Sitearje it sinpart dêr’t de skriuwer foarbylden yn jout fan dy Brabanisearring.
Helje dyn antwurd út de alinea’s 3 oant en mei 5.

Onderstaande inleiding hoort bij de vragen 4 en 5.

“Histoarysk besjoen ferkeart dizze krite yn in, planút sein, revolúsjonêre oergongsfaze.” (r. 30-32)

- 1p 4 Jou út alinea 3 de wurdgroep dy’t as omskriuwing mei soortgelikense betsjutting fan ‘revolúsjonêr’ opfette wurde kin.
- 2p 5 Karakterisearje dy revolúsjonêre oergongsfaze oan ’e hân fan twa skaaimerken.
Helje dyn antwurd út de alinea’s 3 en 4.

“Kommentators en politisy stroffelje oerinoar hinne as it te rêden is om harren reewilligens om foar dit karakteristike gea op te kommen.” (r. 65-69)

- 1p 6 Hokker stylfiguer brûkt de skriuwer hjir?
- A hyperboal
 - B paradoks
 - C tsjinstelling
 - D understatement

2p 7 Yn alinea 5 komt de skriuwer op in tsjinstelling.
Formulearje dy tsjinstelling.

“Yn dizze tiid, en yn dit lânskip bout in iensume Fryske arsjitekt, Rein Hofstra, syn brêgen. Brêgen oer autodiken, mar foaral ek brêgen tusken it âlde en it nije Fryslân.” (r. 87-91)

1p 8 Hokker stylfiguer brûkt de skriuwer hjir?
A hyperboal
B paradoks
C tsjinstelling
D wurdboarterij

2p 9 Wêrom neamt de skriuwer Rein Hofstra in iensume arsjitekt?
Neam twa redenen en basearje dyn antwurd op alinea 6.

Yn alinea 7 jout de skriuwer syn fyzje op skjintme.

2p 10 Neam de twa wichtichste eleminten út syn gedachtegong.

1p 11 Hokker funksje hat alinea 7 yn relaasje ta alinea 6?
A Alinea 7 jout in foarbyld by wat yn alinea 6 sein wurdt.
B Alinea 7 jout in nuansearring fan wat yn alinea 6 sein wurdt.
C Alinea 7 jout in oanfolling op wat yn alinea 6 sein wurdt.
D Alinea 7 jout in oardiel oer wat yn alinea 6 sein wurdt.

“Wêrom swalket it arsjitektewurk hjir te faak hinne en wer tusken Gamma-bousels út goedkeape Lego-doazen en in sweeslaggerich sabeare kastieltsje yn it lân by Mantgum?” (r. 142-146)

1p 12 Op hokker wize wurde de twa foarbylden troch de skriuwer brûkt?
A In Gamma-bousel en it kastieltsje binne beide bedoeld as negative foarbylden.
B In Gamma-bousel en it kastieltsje binne beide bedoeld as positive foarbylden.
C In Gamma-bousel is bedoeld as in negatyf foarbyld en it kastieltsje as in posityf foarbyld.
D In Gamma-bousel is bedoeld as in posityf foarbyld en it kastieltsje as in negatyf foarbyld.

De skriuwer en Goffe Jensma wurdearje it begryp ‘ferbylde mienskip’ ferskillend.

2p 13 Lis beide stânpunten út op basis fan de alinea’s 8 en 9.

“It binne te ferwachtsjen gedrachspatroanen.” (r. 205-206)

2p 14 Op hokker twa gedrachspatroanen doelt Mak hjir?

- “Place Matters’ is it grutte biedwurd fan dit desennium.” (r. 220-221)
- 1p 15 Lis yn eigen wurden út wat mei ‘Place Matters’ bedoeld wurdt. Sykje dyn antwurd yn alinea 10.
- “It giet wol om folle mear diskusje oer dat lânskip, om mear fragen oer saken dy’t no mar as al te fanselssprekkend akseptearre wurde.” (r. 233-237)
- 1p 16 Yn hokker alinea hat de skriuwer it dúdlikst oanjûn wêrom’t dy diskusje sa wichtich is foar it Fryske lânskip?
- A yn alinea 5
 - B yn alinea 6
 - C yn alinea 7
- De skriuwer jout op ferskate wizen ynfolling oan it elemint ‘stilte’ út de titel fan de tekst.
- 2p 17 Neam twa aspekten dêr’t de skriuwer mei nei stilte ferwiist.
- 1p 18 Wat wol de skriuwer benammen berikke mei dizze tekst?
- A De skriuwer wol de lêzer ferdivedearje mei ferhalen oer de ûntjouwing fan it Fryske lânskip.
 - B De skriuwer wol de lêzer ynformearje oer de ynrjochting fan it Fryske lânskip troch de jierren hinne.
 - C De skriuwer wol de lêzer oantrune ta it koesterjen fan it Fryske lânskip en de Fryske identiteit.
 - D De skriuwer wol de lêzer oertsjûgje fan it belang fan mear ynhâldike diskusje oer it Fryske lânskip.

Tekst 2 It each rekket net útsjoen en it ear net útharke

- 1p 19 Hoe ferhâlde de alinea’s 1 oant en mei 3 harren ta inoar? De alinea’s foarmje in opsomming fan
- A anekdoaten oer Omrop Fryslân.
 - B punten út de nota fan Dekker.
 - C resinte feroaringen yn medialân.
 - D stânpunten fan de regionale omrop.
- 2p 20 Sitearje út alinea 2 twa sinparten dy’t in miening fan de skriuwer werjowe.
- 1p 21 Lis út wat bedoeld wurdt mei de opmerking dat Jan Koster “de beide fuotten yn ien hoas hat”. (r. 75-76)

“de oansluting mei sawol omjouwing as eigen minsken in bytsje ferlern hat.” (r. 98-100)

- 1p 22 Wêr docht it neffens de skriuwer út bliken dat Jan Koster dy oansluting kwyt is?
- A dat er de santjin miljoen dy't frege wurdt derby leveret
 - B dat er foar in grut part tefreden is mei de plannen fan Dekker
 - C dat er it ferline fan syn organisaasje net wat better neigien hat
 - D dat er tegearre mei de provinsje in yllúzje neijaget

“It nivo fan de skoalkrante wurdt mear as ien kear helle, mar dat is noch krekt te leech as men de goed tolve miljoen euro's neitelt dy't de Omrop jierliks oan publike middels kriget.” (r. 139-144)

- 1p 23 Fan hokker bysûnder taalgebrûk is hjir sprake?
- A eufemisme
 - B paradoks
 - C sarkasme
 - D understatement

Yn alinea 8 giet de skriuwer yn op it brûken fan de Fryske taal troch de Omrop. Hy neamt twa mooglike effekten hjirfan.

- 2p 24 Jou beide effekten.

“Wol graach op 'e tiid it salaris barre en fierders, yn de bêste nije provinsjale tradysje, gjin bemuoiallen op it eigen stee.” (r. 196-200)

- 1p 25 Fan hokker drôchreden is hjir sprake?
- A in falske ferliking
 - B in persoanlike oanfal
 - C in te hastige generalisaasje
 - D it ûntdûken fan de bewiislêst

- 1p 26 Op hokker ûnderskied giet de skriuwer yn alinea 10 yn?

Yn de alinea's 7 oant en mei 10 leveret de skriuwer krytyk op de meiwurkers fan Omrop Fryslân.

- 2p 27 Jou oan wat de twa wichtichste krytykpunten fan de skriuwer binne.

- 1p 28 Wat is de wichtichste reden dat de skriuwer it ferlerngean fan de selsstannigens fan Omrop Fryslân posityf fynt?

Let op: de laatste vragen van dit examen staan op de volgende pagina.

Deze inleiding hoort bij de vragen 29 en 30.

De kearn fan de tekst, tusken ynlieding en slotalinea, kin mei ûndersteande kopkes yn trije opienfolgjende parten opdield wurde:

Part 1: Skiednis

Part 2: Kwaliteit

Part 3: Selsstannigens

- 1p 29 By hokker alinea begjint part 2?
- A alinea 4
 - B alinea 5
 - C alinea 6
 - D alinea 7
- 1p 30 By hokker alinea begjint part 3?
- A alinea 8
 - B alinea 9
 - C alinea 10
 - D alinea 11
- 2p 31 Jou de haadgedachte fan de tekst.
Brûk net mear as 25 wurden.

Tekst 3

“De tafoege wearde fan sjoernalistyk sit yn it ûndersyk, de hifkjende taak, it yn kaart bringen fan wat der op in djipper nivo bart yn de provinsje, hoe’t dat yn in grutter ferhaal past.”

De kontrolearjende taak fan de regionale sjoernalistyk wurdt ek neamd yn de nota fan steatssiktaris Dekker.

- 1p 32 Mei hokker wurd(groep) wurdt dêr yn de tekst fan Hemminga nei ferwiisd?
- 1p 33 Is Hemminga it iens mei it pleit fan Broersma oer it ferlet fan de krantelêzer?
Ljochtsje dyn antwurd ta troch de oerienkomst of krekt it ferskil tusken beide stânpunten te jaan.

Bronvermelding

Een opsomming van de in dit examen gebruikte bronnen, zoals teksten en afbeeldingen, is te vinden in het bij dit examen behorende correctievoorschrift, dat na afloop van het examen wordt gepubliceerd.